

Bijlage VWO

2011

tijdvak 1

Fries

tevens oud programma

Fries

Tekstboekje

Frysk boargerskip yn de 21ste ieu

Alle jierren wurdt der immen by de betinking fan de Slach by Warns (1345) frege om te sprekken oer in ûnderwerp dat mei Fryslân, de Friezen en it Frysk te krijen hat. Yn 2009 krijt Bert Looper, direkteur fan it Frysk histoarysk sintrum foar taal en kultuer Tresoar, it wurd. Op it Reaklif, oan de foet fan de tinkstien mei de tekst 'Leaver dea as slaaf', hâldt hy syn ferhaal oer de ynhâld fan it begryp Frysk boargerskip yn de tsjintwurdige tiid.

(1) Wy binne hjir kommen om te betinken dat de Friezen op dit plak yn 1345 Hear Willem, Greve fan Hollân en Henegouwen, ferslein hawwe. Hy sette
5 hjir mei syn besettingsmacht foet oan wâl en fierder kaam er net. Mar tink jimme foar dizze gelegenheid ris yn hoe't it west hie as dyselde Willem fan Hollân de slach by Warns wûn hie en
10 de fersleine Friezen foar de kar steld hie ien fan beide oer te jaan: harren lân of harren taal. Beide behâlde koe net. Wat hienen jimme dan keazen?

(2) Mei dat dilemma is it mooglik om
15 alle diskusjes oer de fraach wat it betsjut om Frysk te wêzen yn ien kear op skerp te setten. As der earne in plak is yn Fryslân om oer taal, lân en skiednis nei te tinken, dan is it hjir wol
20 op it Reaklif. Want dit prachtige lânskip en alles wat hjir bard is, noeget ús ta refleksje op wat wy tinke dat Fryslân is en wêze moat. Dat sis ik mei út in sterk eigen belibjen wei. Sûnt de fyfde klasse
25 fan de legere skoalle – kamp yn de bunkers fan Sondel – wurd ik nei dit lânskip talutsen. As jonkje fûn ik it in magysk plak en op ien of oare wize hat dit plak dy magy nea ferlern; it is in plak
30 dêr't je jesels tsjinkomme, dêr't je jesels om sa mar te sizzen opgrave kinne. Dat jildt foar my persoanlik, mar ik bin der wis fan dat it likegoed jildt foar in soad minsken dy't hjir hjoed kaam binne.

(3) It lânskip fan it Reaklif fertelt it
35 ferhaal fan it Fryske ferline; it is in lânskip mei betsjutting, in lânskip mei myten, oantinkens en obsesjes. De

rykdom, de skiednis en de kompleksiteit
40 fan it Fryske lânskip komme hjirre op in fassinearjende wize ta utering: oan it Klif hingje de sêgen fan de baarnende ierde, fan de Fryske keningen dy't hjir op it skyld tild waarden; it Klif ropt ek de
45 romantyk fan de njoggentjinde ieu wer op, as de skriuwer Jacob van Lennep hjir delkuieret en ferwiist nei de midsieuske ferhalen. Mar oan it Klif is yn it foarste plak it ferhaal fan 1345 ferbûn
50 en – net minder belangryk – it feit dat sûnt 1942 dat barren jier op jier betocht waard. It Klif is dêrmei ek it ferhaal fan de manier hoe't yn en nei de Twadde Wrâldoarloch de betinking in stikman-
55 nich Fryske obsesjes bleatlein hat. Koartsein, it Reaklif is in plak mei betsjutting; in plak dêr't je jesels tsjinkomme yn jo yndividualiteit – al wie it allinne mar yn it genietsjen fan lân en
60 wetter – mar ek yn jo kollektiviteit; it Klif, dit besiele stikje lân, stelt fragen oan Frysk boargerskip, hjoed en yn de takomst.

(4) Wannear binne je eins in goede
65 boarger? Dy fraach rekket fansels net allinne ús provinsje, it is in nasjonaal en Europeesk fraachstik fan it grutste belang. Boargerskip is sûnt de Midsieuwen ien fan de kaalbegripen yn de
70 Europeeske skiednis. Mar it is ek in begryp dat hieltiten wer fernijd en oanpast wurde moat. Boargerskip is gjin fanselssprekkende eigenskip: boargerskip betsjut meidwaan oan de mienskip,
75 ferantwurdlikheid nimme en belutsenheid sjen litte. In eask foar goed

boargerskip is dat je je as boarger thús-
 fiele yn tiid en yn romte, yn lânskip en
 yn kollektyf ferline. Dy beide diminsjes
 80 fan tiid en romte steane hjoed de dei
 ûnder heechspanning. De Ingelske
 histoarikus Simon Schama sprekt fan
 “it útwiskjen fan ús lânskipstradysje”.
 It Reaklif is der noch, mar hoefolle
 85 histoarysk wichtige plakken binne der
 yn Fryslân, yn Nederlân, yn Europa net
 ferdwûn? It is it gefolch fan in yngeand
 proses fan ‘delokalisearring’. En tagelyk
 mei it lânskip ferlieze minsken harren
 90 plakken fan oantinken en refleksje. Dat
 is in Frysk probleem, mar benammen
 ek in Nederlânsk probleem, dat by ús ta
 hieltiten mear ûnferskillichheid liedt wat
 de eigen wenomjouwing oanbelanget.
 95 De ‘delokalisearring’ is in ramp foar
 goed boargerskip, want mei dat wy ús
 lânskipstradysje kwytreitsje, ferlieze wy
 ek de sichtbere bân mei it kollektive
 ferline. En it is krekt it kollektive ferline
 100 dat in mienskip ta mienskip makket.
(5) Fansels, dy saken spylje yn Fryslân,
 lykas rûnom yn ’e wrâld. It giet my der
 net om dat wy de feroaring fan it lânskip
 tsjinhâlde moatte. As de Waadferiening
 105 der yn de tolfde ieu al west hie, wat soe
 dy protestearre ha tsjin de bedikings.
 Nee, dy feroaring is it punt net, mar wol
 it útwiskjen fan it ûntstean fan it lânskip
 en it ferdwinen fan plakken mei be-
 110 tsjutting. Ik tink dat wy hjir yn Fryslân
 der noch ridlik goed foarsteane. Troch
 de unike en sterke doarpsstruktuer mei
 it lânskip dat der by heart, stypje de
 diminsjes romte en tiid – it gefoel ha dat
 115 je earne by hearre – by ús noch hiel bot
 de ûntwikkeling fan boargerskip.
(6) Modern boargerskip betsjut ek in
 oanhâldende ynteraksje tusken boarger
 en oerheid. Oan alle Fryske boargers
 120 en alle Fryske bestjoerders soenen je
 as funksje-eask stelle moatte dat sy
 kennis hawwe fan begripen as lânskips-
 tradysje en kollektyf ferline as beting-
 125 skippij.

(7) Tiid en romte, kollektyf ferline en
 lânskip: it binne twa diminsjes dêr’t
 boargerskip, ek yn de ienentweintichste
 ieu yn bedijt. Mar is der noch net in
 130 oare diminsje? It is in fraach dy’t him
 hjir op it Klif altyd wer stelle lit. Fansels,
 de taal is de tredde diminsje fan it
 boargerskip, mar ik tink dat wy oan de
 diminsje taal in oare wearde jaan moat-
 135 te as oan de diminsjes tiid en romte.
 Dat ferskil tusken tiid en romte oan de
 iene kant en taal oan de oare kant komt
 sterk ta utering as wy alle trije diminsjes
 behelje op de nije boargers yn Fryslân,
 140 de ymmigranten. Wat hat in nije boar-
 ger yn Fryslân nedich om in Fryske
 boarger te wurden, om him of har thús
 te fielen yn dy spesifike diminsjes fan
 tiid en romte yn ús provinsje? Hat dy it
 145 lânskip nedich, hat dy de tiid nedich, it
 kollektive ferline, of hat dy de taal
 nedich? Dat is in hiel nijsgjirrige en
 belangrike fraach as wy it oer boarger-
 skip yn Fryslân ha. Wy moatte hjir in
 150 dúdlik ûnderskied meitsje tusken
 profesjonele funksjes yn Fryslân en
 Frysk boargerskip – dy twa wurde faak
 trochinoar helle. As Tresoar, it Frysk
 histoarysk sintrum foar taal en kultuer,
 155 ha wy bygelyks in taalstatút: ús mei-
 wurkers moatte it Frysk behearskje. Yn
 dat hiele proses fan emansipaasje fan it
 Frysk yn it iepenbier bestjoer yn de
 ôfrûne heale ieu past it dat yn it publike
 160 domein, by alles wat oerheid is, de be-
 hearsking fan it Frysk in funksje-eask
 is. Mar by boargerskip wurket dat fan-
 sels net sa.
(8) Nochris: hoe wurde je in goede
 boarger yn Fryslân? Hokker fan de
 165 diminsjes tiid, romte en taal spilet dêryn
 de wichtichste rol? Is taal net de kaai ta
 in goed begryp fan alles wat om je
 hinne bart? Ik begûn myn tekst mei myn
 170 eigen ferline as skoaljonkje en hoe’t dat
 ferbûn is mei it kollektive ferline dat hjir
 yn lagen op it Klif leit. Persoanlik en
 kollektyf ûnthâld komme byinoar en
 bepale mei hoe’t je yn de maatskippij

175 steane. Mar foar nije boargers is dat
fansels in probleem. Nijkommers komme
mei harren eigen kollektyf ferline;
nijkommers komme ek yn in nij ferline.
Assimilaasje slagget net neigeraden dat
180 men de taal fan it nije lân better be-
hearsket, mar neigeraden dat men ek it
nije kollektive ferline as part fan it eigen
ik belibje kin.

(9) De betinking fan de Slach by Warns
185 is tige wichtich om wat ik al sei: der is
gjin plak dêr't de fraach nei Frysk
boargerskip skerper steld wurdt as hjir
op it Klif; boargerskip yn de Mids-
ieuwen, boargerskip yn de Twadde
190 Wrâldoarloch en boargerskip dêrnei.
As wy hjir mei-inoar dy fragen stelle,
dan sil it belang fan dizze betinking
noch grutter wurde kinne en wurdt it in
folle bredere betinking as no it gefal is.
195 Mar wy moatte ús tagelyk bewust wêze
fan it feit dat betinken ek altyd in hypo-
teek op de takomst leit. As wy hjir fiere
dat wy as Friezen de Hollanners fer-
slein ha, dan is dat foar in hjoeddeistige
200 Hollanner yn Fryslân net in útnoegjend
barren: wy meitsje it ferline eksklusyf
en dêrmei jouwe wy oan dat wy de

takomst ek eksklusyf meitsje wolle. Ik
soe de takomst iepenmeitsje wolle, mar
205 dan moatte wy dus ek ús ferline iepen-
meitsje. Gjin nije takomst sûnder in nij
ferline. Wêrom geane wy altyd werom
nei de Midsieuwen? Ja fansels, omdat
dy hjir Frysk wienen. Wêrom geane wy
210 altyd werom nei de njoggentjinde ieu,
nei de bruorren Halbertsma en Waling
Dykstra? Ja fansels, omdat sy Frysk
wienen. Mar sprekt dat wol sa fansels
as wy altyd tocht ha?

(10) Oan alle kanten is it dúdlik dat der
in groeiend ferlet is om de Fryske
kultuer iepen te smiten en om de yn de
njoggentjinde ieu ûntstiene skieding
tusken Fryske kultuer en kultuer yn
220 Fryslân op te heffen. Wy moatte it oan-
doare dêr op 'en nij oer nei te tinken.
Earst as wy hjir op it Klif alles mei iepen
eagen besjen en frij oertinke wolle; as
wy hjir alle fragen doare te stellen dy't
225 mei it aktuele Fryske boargerskip te
krijen ha, dan kin de lêste sneon fan
septimber in wichtige bydrage leverje
oan it debat oer Fryslân, oer ússels, en
dat wol sizze: oer âlde én oer nije
230 boargers.

Nei: Bert Looper yn de Moanne 8, oktober 2009

Hoe't de provinsje Fryslân dochs noch Amearika ûntduts

Yn 2009 wie it 400 jier lyn dat Henry Hudson yn opdracht fan de West-Indische Compagnie it lân 'ûntduts' dêr't letter New York komme soe. De Fries Pieter Stuyvesant wie ien fan de earste gûverneurs fan dat Nij-Nederlân, en dat wie foar it provinsjebestjoer fan Fryslân in ekstra oanlieding om dêr in Frysk feestje te fieren mei ûnder oare in Amerikaanske ferzje fan Oerol en it iepenjen fan in 'Friesland-house'. Gâns Friezen wienen om dy reden de oseaan oerstutsen. Ek kaam yn ferbân mei deselde gelegenheid noch it boek *Gevierde Friezen in Amerika út*.

(1) De 'ûntdekking' fan Manhattan 400 jier lyn troch Henry Hudson wie foar it provinsjebestjoer fan Fryslân de oanlieding om mei in grutte delegaasje yn New York in feestje te fieren. Mar wat waard dêr eins fierd? En hoedat sa? Op de kryptyk fan it kabinet op de omfang fan de Fryske delegaasje nei New York spatte kommissaris fan de Keninginne Jorritsma nochal op. Den Haach hie gjin sprút begrepen fan it bysûndere belang fan de Fryske besite oan New York, de kolleezje- en steateleden wurken har yn New York út de naad en hie it kabinet wol foar it ferstân hoe bysûnder de bân tusken Fryslân en Amearika wie? FNP-steatelid Johannes Kramer tocht sels oan in komplot fan de soere 'Hollânske' media dy't fansels oergeunstich wienen op it grutte súkses fan it Fryske feest. Mar leafst seis kolommen krige de kommissaris fan de Keninginne op de foarside fan de Ljouwerter Krante om te roppen dat de Fryske missy fertuten dien hie. By eintsjebeslút krige Jorritsma sels in kompliment fan de kroanprins, sawat it heechste wat ien berikke kin yn de Nederlânske fariant fan de parlemintêre demokrasy. En soks noch wol op Amerikaanske grûn. Mar dat wie wis net it iennichste opmerklike aspekt oan dy bjusterbaarlike Friezereis.

(2) De Nederlânske koloanjes yn Amearika – dus Nij-Nederlân ek – stienen yn de santjinde ieu ûnder gesach

fan de machthawwende West-Indische Compagnie. Foar Fryslân wie dy Compagnie in pynlike kwestje, dy't desennia 40 achterinoar neat as frustraasje opsmiet. It bestjoer fan de WIC wie opdield yn saneamde 'Keamers'. Dy Keamers wienen fêstige yn de gewesten en stêden dy't de grutste belangen yn dy hannelskompanjy hienen. By de oprjochting fan de VOC en letter ek fan de WIC makken de Friezen gading oan in eigen Keamer. Beide kearen makke it oerhearskjende Amsterdam kapsje. 45 Krekt de Keamer fan Amsterdam soe it bestjoer fan Nij-Nederlân letter hiendal oernimme, de Friezen hienen it neisjen. Noch mear sâlt waard yn 'e wûnen wreaun doe't Grins der by de WIC wol yn slagge om in eigen Keamer te krijen, in Keamer dy't ek de toskeknarsende Friezen fertsjintwurdigje moast.

(3) Doe't de earste berjochten oer in Fryske fiering fan 400 jier Hudson út it provinsjehûs nei bûten kamen, wie ik frijwat ferbjistere. Yn de tachtiger en njoggentiger jierren haw ik as histoarikus ûndersyk dien nei de betide kolonisaasje fan it Noard-Amerikaanske fêstelân troch de Nederlanners en fan in bysûndere Fryske rol hie ik nea wat fernommen. Krekt oarsom: de Friezen ûntbrutsen yn de betide skiednis fan New York en omlizzende steaten. In 70 inkelde útsûndering – tink oan Pieter Stuyvesant – befêstige de regel, mar

fan alle santjinde-ieuske gewesten
 levere Fryslân nei alle gedachten nei
 75 ferhâlding it lytste tal kolonisten. Wisten
 se op it provinsjehûs eat dat ik net
 wist? Ik krige in telefoantsje fan Peter
 de Haan, beliedsmeiwurker fan de
 provinsje, dy't wol wist dat ik my earder
 80 ek yngeand mei koloniaal New York
 dwaande holden hie. Der moast in boek
 komme, safolle wie dúdlik. Ik advisearre
 him om kontakt op te nimmen mei it
 belangrykste ûndersyksynstitút op dat
 85 mêd, it New Netherland Project in
 Albany, de haadstêd fan de steat New
 York. Ik ken de minsken fan it NNP al
 desennia, en se binne altyd ree om
 auteurs te helpen sa gau't it oer
 90 Nederlânsk New York giet.
(4) No't it boek der is, falt it fuort op dat
 it NNP der neat mei te krijen hân hat.
 Achterôf ek hiel begryplik. It is net
 dreech om fêst te stellen dat dit boek
 95 gjin wittenskiplik, mar in polityk doel
 tsjinnet. De kwaliteit fan de stikken is
 wikseljend, mar it artikel fan Yme
 Kuiper oer de Fryske erkenning fan de
 jonge Feriene Steaten en it aardige stik
 100 fan Jaap Jacobs oer Stuyvesant soenen
 ek yn in oare publikaasje net misstean.
 Folle opmerkliker as de kwaliteit is it
 konsept fan dit boek. De redaksje hat in
 snoade wize fûn om te fermoakjen dat
 105 Fryslân gjin rol fan belang spile hat yn it
 santjinde-ieuske Nij-Nederlân. As wy it
 net yn de djipste sykje kinne, dan moat it
 mar yn de breedte, moatte se op it
 provinsjehûs tocht hawwe. En sa blykt
 110 in belangryk part fan it boek te bestean
 út bydragen oer grifformearde Friezen
 dy't yn de njoggentjinde ieu nei
 Michigan gongen, tûzen kilometer
 fierder en twahûndertfyftich jier nei't
 115 Hudson New York ûntduts. Der wurdt
 troch Nederlanners wol ris skampere
 oer Amerikaanske toeristen dy't yn ien
 wike hiel Europa dogge en dy't tinke dat
 Amsterdam yn Denemarken leit. De
 120 redaksje fan *Gevierde Friezen in
 Amerika* kin der lykwols ek wat fan.

Foar it gemak hat de redaksje alles mar
 op ien grutte bulte smiten.
(5) Oan de oare kant fan de oseaan
 125 waard dy fout net makke. Yn de Ameri-
 kaanske publisiteit giet it oer 400 jier
 Henry Hudson = 400 jier New York; in
 wat beskiedener oanpak. Mar der is
 noch wat opmerkliks mei dit boek. Frys-
 130 lân kriget der mei de 'gevierde Friezen
 in Amerika' in hiel soad helden by, sa
 wist de redaksje al yn in ier stadium te
 melden. De bluisterige toan fan dy be-
 rjochtjouwing die my earne oan tinken,
 en it duorre even foar't it my yn 't sin
 135 kaam. It is deselde toan as dy fan guon
 regionale publikaasjes oer Nij-Nederlân
 om it eardere ieufest hinne, dus yn
 1909. Hûndert jier lyn wie it yn in soad
 provinsjes wenst om it opkommende
 regionale bewustwêzen te basearjen op
 histoaryske publikaasjes dêr't de lof yn
 besongen waard fan grutte mannen út it
 145 regionale ferline. Yn dy sin is *Gevierde
 Friezen in Amerika* oan de lette kant
 ferskynd, om krekt te wezen: in ieu te
 let. It liket dan ek neat oars te wêzen as
 in krampachtich besykjen om dochs
 noch oan te toanen dat ek de Friezen
 150 wol deeglik fan belang wienen yn de
 Amerikaanske skiednis. In doel dus fan
 regionaal-polityk aard, dêr't Fryslân as
 provinsje no in achterhoedegefjocht
 foar fiert dat hûndert jier lyn al troch
 155 oaren striden is. Gewesten dy't der
 doedestiids werklik ta dienen, lykas
 Utrecht en Gelderlân, ûntbrekke by de
 fiering yn New York.
(6) De ferhâlding tusken Fryslân en de
 160 wrâld is fanâlds in problematyske, mar
 woe de provinsje eins wol echt Ameri-
 kanen berikke? Optein wist de organi-
 saasje al gau te melden dat de grutte
 tinte op it eilân foar de Fryske dei fol-
 165 boekt wie: it waard rûsd op wol in trije-
 hûndertfyftich minsken! Der waard
 benammen op Fryske Amerikanen mikt,
 en dêrfan wienen der echt wol guon ree
 om dizze dei mei har komst glâns te
 170 jaan. Oan de trochsneed New Yorker is

de Friezedei folslein foarbygongen.
Stel: in Moldavyske delegaasje dy't it
ûnbewenne Rottumereach ôfhierd hat
om fjouwerhûndert jier Moldavysk-
175 Nederlânske betrekings te fieren mei
Moldavysk toaniel en Moldavyske
sjongers. It soe grif in kurieus stikje yn
de Ljouwerter Krante opleverje, mar
soenen de Friezen massaal in kaartsje
180 keapje foar it Moldavysk festival op
Rottumereach?
(7) Goed, de histoaryske arguminten
meie dan sa tin as in flues wêze, ús
provinsjebestjoer is foar ien gat net te
185 fangen. Der blykt dus dochs noch in oar
motyf te wêzen: hannel. New York krige
in eigen Friesland House en Jorritsma
melde dat talleaze Fryske bedriuwen op
dizze manier in flinke push krigen om
190 de Amerikaanske merk te feroverjen.
Och fansels, wy hienen it witte kinnen.
Blykt it provinsjebestjoer hielendal net
yn New York west te hawwen fanwegen
al dy histoaryske bannen, mar gewoan
195 foar de Fryske ûndernimmings. De

Fryske steateleden hienen in oar fer-
lechje: sy fierden dat yn 1782 de Fryske
Steaten as ien fan de earsten de jonge
Feriene Steaten erkend hienen. Wy sille
200 mar net mear freegje wat 1782 mei
1609 te krijen hat en ek net wêr't ús
steateleden dan yn 1982 wienen, doe't
Nederlân en de USA twahûndert jier
Nederlânsk-Amerikaanske betrekings
205 fierden.
(8) De steateleden fan no wienen al yn
New York, mar it ûntbrekken fan ge-
woane Amerikanen op de troch rein en
wyn teheistere Friezedei op Governor's
Island liket wol symboalysk te wêzen
210 foar it pynlike isolemint fan dy dele-
gaasje foar it echte Amearika oer. Sy
fierden yn New York benammen harren
eigen feestje, mids lânslju en eardere
lânslju, net by steat om de werklike
215 ôfstân ta de grutte wrâld te oerbrêgjen
en dêrmei yn wêzen derta feroardiele
om de santjinde-ieuske skiednis te
werheljen.

Nei: Jan Folkerts yn de Moanne 8, oktober 2009

Jan Folkerts studearre skiednis en Amerikanistyk. Hy publisearre yn de Feriene Steaten en Nederlân oer de skiednis fan Nij-Nederlân en koloniaal New York.